

## OP IT MÊD

[1559] *Michael Elmentaler (útj.), Tewesken Kindelbehr. Eine niederdeutsche Bauernkomödie aus dem 17. Jahrhundert. Münster (2019), Ardey-Verlag.*

Yn dizze tekstútjefte fine we njonken in wiidweidige ynlieding ek in “Gastbeitrag” fan Jarich Hoekstra (s. 208-212). Hy is dêryn op ‘e tekst oer Waatze Gribberts, de Midfryske oersetting fan Tewesken Kindelbehr, it Leechdútske orizjineel. Hoekstra giet koart yn op ‘e Fryske tekstoerlevering en op ‘e wurdearring fan it ferhaal, mar hy behannelet foaral de ferskillen tusken de Leechdútske en de Fryske tekst. De Fryske bewurker blykt it Leechdútsk aardich krekt folge te hawwen, ek al binne der hjir en dêr ferskillen. Nammen binne ferfryske en de oarspronklike taalferdieling yn trijen, mei Leechdútsk, Heechdútsk en in wat deftiger Platdútsk fan ‘e stêd dêrtuskenyn, is yn Waatze Gribberts mar in twaslach fan oerbleaun: fan it Stedfrysk is gjin gebrûk makke.

(siebren dyk)

*Evelyn Bosma & Elma Blom, ‘A code-switching asymmetry in bilingual children: Code-switching from*

*Us Wurk 70 (2021), s. 176-190*  
<https://doi.org/10.21827/5fb7c9afd6189>

*Dutch to Frisian requires more cognitive control than code-switching from Frisian to Dutch’, International Journal of Bilingualism 23 (2019), 1431-1447.*

De titel fan dit artikel fettet it einresultaat fan dit wiidweidige psycholinguïstyske ûndersyk al hiel goed gear. De oarsaak fan it ferskil wurdt socht yn ‘e taalsitewaasje. As de bern Nederlânsk prate, dan besykje se om de beide talen sa goed mooglik útinoar te hâlden, en dat freget om mear ûnderdrukking fan it Frysk, en dus om mear kontrôle. Dy kontrôle slacht dan op hokker fan ‘e beskikbere taalelementen – en dat giet by twataligen dûbelop – tastien wurde kinne. By it Frysk praten is it oars. Dêr hearsket gjin strange noarm, yn wurdkar en grammatika wurdt it Nederlânsk hast frij talitten, en dan spilet kontrôle dus in folle lytsere rol. Wat hjir foar bern útsocht is, dat jildt nammers ek foar grutte minsken, sa wurdt troch de auteurs ek noch útholden.

(siebren dyk)

*Evelyn Bosma & Naomi Nota, ‘Cognate facilitation in Frisian-Dutch bilingual children’s sentence reading: An eye-tracking study’, Journal of Experimental Child Psychology 189 (2020) [= artikel 104699].*

**US WURK LXX (2021), p. 177**

Dizze stúdzje wiist út dat bern by it lêzen fan in Fryske tekst dy wurden makliker lêze dy't in kognaat yn it Nederlânsk hawwe. Bygelyks by it lêzen fan it wurd *boek*, dat yn beide talen gelyk is. As ferklearring wurdt jûn dat bern by it ferwurkjen ek fan har kennis fan it Nederlânsk gebrûk meitsje. Omkeard docht it effekt him net foar, dat wol sizze, by it lêzen fan it Nederlânsk wurket dy Fryske “stipe” net. Dat wurdt der op skood dat bern yn it Nederlânsk lêzen leare en it yn dy taal ek folle faker dogge. It Nederlânsk is dus by it lêzen dominant. As oanfolling mei ek noch wol even opmurken wurde dat dit artikel de wittenskipspriis fan it bernetillefyzjeprogramma Klokhuis krigen hat.

(siebren dyk)

*Evelyn Bosma & Jelske Dijkstra, 'Multilingual Assessment Instrument for Narratives (MAIN) adapted for use in West Frisian', ZAS Papers in Linguistics 64 (2020), 63-68.*

It yn 'e titel neamde MAIN is in ynternasjonale brûkt toetsynstrumint foar taalbehearsking. Oankundige wurdt dat it no ek foar it Frysk beskikber makke is. Dêrby wie in lestige faktor dat de thústaal fan bern faken tiden nochal wat ferskilt fan it standertfrysk. De oplossing wie om krekt dy wurden út 'e standert te kiezen dy't ek by de berntsjes bekend binne.

(siebren dyk)

*Evelyn Bosma & Elma Blom, 'Language activities in a minority-*

*majority language context: book-reading at home is more important for Frisian than for Dutch', Journal of Child Language 47 (2020), 289-308.*

Al sûnt lang wurdt foarlêzen oan bern stimulearre. Dat is ek net sûnder grûn, blykt yn dit artikel. It foarlêzen befoarderet de wurdskat en by Frysktalige bern ek noch ris de kennis fan de morfology fan haadwurden en tiidwurden. Dat grammatikale effekt koe foar it Nederlânsk oars net obstrewearre wurde. De oarsaak fan it positive effekt wurdt socht yn 'e rikere kwaliteit yn 'e taalynput. Seker by in minderheidstaal is it ferskil grutter, omdat de bern dy taal hast inkeld opdogge yn 'e húshâlding.

(siebren dyk)

*Elma Blom-en-dy, 'Cross-language distance influences receptive vocabulary outcomes of bilingual children', First Language 40 (2020), 151-171.*

Eardere ynternasjonale ûndersiken ha útwiisd dat twataligen yn ferliking mei ientaligen leger skoare kinne op wurdskattoetsen. Hjir is sa'n ûndersyk ek útfierd, mar no mei it each op taalkundige ôfstân. In groep Nederlânsktalige bern waard ferlike mei groepen twataligen dy't opgroeiden yn in besibbe taal (Frysk, Limboarchsk) en yn in taal dy't fierder fan it Nederlânsk ôf stiet (Turksk, Marokkaansk-Arabysk, Poalsk). De útkomst is dat dy lêste groep yndied leger skoart, wylst de Friezen en Limboargers it eins likegoed dogge

## US WURK LXX (2021), p. 178

as de ientaligen. As ferklearring wurdt jûn dat yn ‘e wurdskat fan it Frysk en Limboarchsk in hiel soad kognaten foarkomme, dus wurden dy’t bot op it oerienkomstige Nederlânske wurd lykje. Soks stipet de wurdskatgroei earder as dat dy ôfremme wurdt. It idee dat it ferskil ek komme kinne soe troch minder taal-oanbod yn it Nederlânsk, wurdt fersmiten.

(siebren dyk)

*Guillem Belmar, Cindy van Boven & Sara Pinho, ‘Why do adults decide to learn a minority language? A study of the motivation(s) of potential new speakers of West Frisian’. Yn: Linguistic Minorities in Europe Online. De Gruyter Mouton (2020). [Earder publisearre yn Sustainable Multilingualism (2019), 138-159].*

Wêrom wolle net-Frysktaligen eins Frysk leare? Dy fraach wurdt hjir ûndersocht troch middel fan fraachpetearen mei tsien minsken. Acht fan harren folgen in AFUK-kursus en twa diene mei oan in taalkursus by de Grinzer studinteferiening Bernlef. It oantal liket foar sa’n ûndersyk net al te heech, mar der komt dochs wol wat út. It docht bliken dat de driuw om der by te hearren, troch de auteurs betitelesarre as “yntegrative motivaasje”, it wichtichste is. De wil om der (finansjeel) better fan te wurden, de “ynstrumintele motivaasje”, spilet kwealik in rol. Dat hat te krijen mei de maatskiplike funksje fan in minderheidstaal; by kursussen Ingelsk leit soks bygelyks hiel oars. By

guon spilet de aardichheid oan it learen fan in nije taal ek noch mei. In grutte behindering yn it learproses, sa wurdt klage, is de gewoante fan Friezen om fuort mar oer te skeakeljen nei it Hollânsk sagau’t se hearre dat ien de taal (noch) net alhiel machtich is.

(siebren dyk)

*Nordfriesisches Jahrbuch 55 (2020)*

Sûnder dat dat eksplisyt makke wurdt, blykt it *Nordfriesisches Jahrbuch* de frisistyske artikels apart te setten fan ‘e histoaryske; binnen dy skiften is de folchoarder alfabetysk op efternamme. We begjinne dêrom dit oersjoch mei Nils Århammar, dy’t yn “Wolfgang Laurs Historisches Ortsnamenlexikon von Schleswig-Holstein aus der Sicht der nordfriesischen Namen- und Sprachgeschichtsforschung (2)” (s. 69-84) in ûnthjit fan mear as 25 jier lyn wiermakket om in ferfolch te leverjen op syn doe publisearre oanfolgings en ferbetterings by Laur syn plaknammeboek. It is goed en nuttich dat dit publisearre wurdt en net yn in laad weiwurdt, ek al is it dan in mjuks fan ryp en grien, en útsoarte net noflik om troch te lêzen. Yn ‘e bêste Århammariaanske tradysje komt der nei oanlieding fan de Hallignamme *Südfall* ek in “Anhang”, en dy wurdt wer folge fan in “Korrekturnote”. Se geane oer *Südfall*, út Karel de Grutte syn tiid al bekend as de súdgrins fan it Fryske ryk. Århammar giet de oant no ta bekende suggestjes oer de etymology dêrfan nei en komt der dan

op út dat *fall* in djip soal is (ferlykje ek “Val van Urk”), en dat it foarste elemint simpelwei ôflaat wêze moat fan it tiidwurd *sinke*, dêrmei in palatalisearingshypteze fan Heeroma ôfwizend.

Volkert F. Faltings lit yn “Zum Gebrauch des niederdeutschen Reflexivpronomens *sik* ‘sich’ im Nordfriesischen” (s. 85-112) sjen dat dy grammatikale ynterferinsje al opdûkt yn ‘e Strander kategismus, de âldste oerlevere Noardfryske tekst. Mar hy makket ek oannimlik dat dêr en ek by lettere skriftlike foarkommens net praat wurde kin fan in systematyske ferskowing, mar earder fan tafallige omstannichheden. Dat feroaret wol wat nei de oarloch, mar eins ek noch net iens hiel radikaal. Op Föhr liket *sik* sels wer terrein priis jaan te moaten, dat Faltings skoot op ‘e lytsere rol fan it Platdútsk én op ynfloed fan it ûnderwiis yn it Fering op ‘e skoalen.

Taalbeynfloeding de oare kant út komt op ‘e siden 113-148 oan ‘e oarder yn “Die Halligfriesische Transfrenz in den deutschsprachigen Briefen von Ipke und Angens (1787-1801)”, skreaun troch Jarich Hoekstra, Carolin Klöhn, Thede Tiessen en Wendy Vanselow. It giet hjir om ‘e briefkerij tusken in fan ‘e Hallig Oland ôfkomstige skipper en syn wiif, dy’t, alhoewol neffens de auteurs net betrouber, yn 2016 al ris útjûn is. De korrespondinsje is yn it Heechdútsk, mar omdat de kennis dêrfan by de skriuwers mar behyplik wie, skimeret der allegearre Frysk en hjir en dêr ek Platdútsk trochhinne, fan klearebare oernommen frazen

Halligfrysk oant grammatikale konstruksjes. Dat wurdt hjir allegearre kreas ynventarisearre en oardere. Nijsgjirrich binne ek de ynterferinsjes út it Nederlânsk; Ipke wie ien fan ‘e Noardfryske skippers dy’t yn ‘e 18de iuw foar Nederlânske reders fearen. Alles meiïnoar betsjut it artikel in wolkome oanfolling op wat oant no ta fan it net geweldich goed attestearre Halligfrysk bekend wie. Yn ‘e frisistyk moat men no ienris soms mei lytse dingen tefreden wêze. Dat sil Christoph Winter ek tocht ha, dy’t yn dizze jeftje fan it Jahrbuch op s. 149-151 noch “Ein helgoländischer Freundschaftsvers von Hans Frank Heikens” publisearret, dat er tafallich op it ynternet tsjinkaam is. It stie yn 1852 yn in reisreportaazje yn in tydskrift. Mar langer as seis rigels is it gedicht net.

(siebren dyk)

*Laura Bruno & Peter Alexander Kerkhof, ‘Bodily Injuries and Dative Experiencers in Old Frisian’, Amsterdamer Beiträge zur älteren Germanistik 79 (2020), 485–516.*

De “dative experiencer” dêr’t yn ‘e titel praat fan is, slacht op sinnen as *hja slacht him de kop ôf*. De auteurs ha dy ûndersocht yn it Aldfrysk; harren korpus waard foarme troch de easterlauwerske rjochtshanskriften, om dialektysk ferskaat yn earste ynstânsje safolle mooglik de kop yn te drukken. Yn har ynventarisaaasje folge se in eardere yndieling yn fiif typen dy’t Kate Burridge yn 1996 foar it Middelnederlânsk útsteld hat. Ien

## US WURK LXX (2021), p. 180

alternatyf is bygelyks in konstruksje mei in besitlik foarnamwurd (*hja slacht syn kop ôf*), mar dy is yn it Aldfrysk minder gebrûklik, wat beärgumintearre wurdt troch te wizen op it sjenre fan 'e boeteregisters, dêr't de klam lein wurdt op 'e rol fan it slachtoffer. Troch foar in datyf te kiezen krijt dy mear klam. De konstruksje mei in datyf liket yn 'e middelste perioade fan 'e Westgermaanske talen ta te nimmen. It hoecht dus net perfoarst in hiel âld ferskynsel te wêzen.

Dit artikel jout in moaie ynventarisasaasje fan in mêd dat foar it Aldfrysk noch net earder ûndersocht is (en foar it nijere Frysk oars ek mar skraachwurk). En dat wylst yn noat 4 fan 'e earste (Italjaanske) auteur ek noch in proefskrift oer Aldfryske dativen ûnthjitten wurdt!

(siebren dyk)

*P.A. Kerkhof, 'Oudfriese sporen in middeleeuws Maasland. De perceelnaam Langetaem en de Middelnederlandse Toom-namen', Jaarboek Historische Vereniging Maasland (2020), 44-58.*

Oanwizings dat Súd-Hollân earder ek Frysktalich west hat, kinne eins allinnich mar fûn wurde yn toponymyske eleminten. Hjir wurdt in nije namme oan it besteande rychje tafoege. It giet om *Langetaem*, de namme fan stikken lân by it doarp Maasland, te finen yn 'e hjoeddeiske gemeente Midden-Delfland. De earste, 14de-iuwske, attestaasje hie de foarm *lantam*. De auteur makket mei in fracht

oan dokumintaasje oannimlik dat yn dy namme it Aldfryske *tām* ferskûle sit, dat hjir stiet foar in stripe lân by in wetter lâns dêr't fisktúch oan 'e wâl sleept waard. Yn it Nederlânsk (en Nederdútsk) is it *toom*. De namme moat letter oergong wêze nei it lân dêrefter, en libbet hjoeddedei ek noch fierder yn in strjitnamme yn Maasland.

(siebren dyk)

*Ramón Boldt, 'Phraseoschablonen in deutschen und friesischen Rechtstexten des Mittelalters', Münchener Studien zur Sprachwissenschaft 73/2 (2020), 7-30.*

Nettsjinsteande de ûnthjittende titel wurde wy hjir oer it Aldfrysk net sa hiel folle wizer. It artikel is yn it foarste plak in gelearde ferhanneling oer fraseology, en dy dan benammen besjoen yn it ramt fan 'e konstruksje-grammatika. Guon patroanen fan fêste útdrukkings wurde hjir tapast op âldere rjochtsteksten, benammen midleechdútske, mar der binne dus ek in stikmannich Aldfryske foarbylden. Mar dy bliuwe beheind ta (op syn Nijfrysk formulearre) (*in*) *wiif nimme* 'boaskje', de fariaasje *by hûs en/of hôf* en útwreiding fan 'e Aldfryske útdrukking *deda jeftha daddel* 'ferwûning of deaslach' mei *jeftha lemethe* 'of ferlamming'.

(siebren dyk)

*Michael T. Putnam & B. Richard Page (úts.), The Cambridge Hand-*

## US WURK LXX (2021), p. 181

*book of Germanic Linguistics. Cambridge University Press (2020).*

De Germaanske talen ha der in mânsk hânboek by. Dit is net it earste boek yn syn soarte. Yn 1993 kaam der bygelyks it boek *The Germanic Languages* út, dêr't Jarich Hoekstra en Peter Tiersma yndertiid noch in haadstik oer it Frysk oan bydroegen ha. Dit boek is dêrfoar tematysk ynrjochte en frisisten binne der ek net foar frege. Dat wol net sizze dat it Frysk oerslein is. Krekt oarsom, soe men hast sizze. Neffens de yndeks wurdt op 80 fan 'e 870 siden wat oer it Frysk sein. Dat is mear as oer it Afrikaansk, Noarsk en Jiddysk en sa'n bytsje likefolle as oer it Sweedsk. Net dat de behanneling oars altyd like djip giet, en dat kin ek net foar sa'n breed mêd. Faak bliuwt it by it sizzen dat in beskaat ferskynsel ek yn it Frysk foarkomt. Soms is der ris in wiidweidiger behanneling fan in (sub)paragraaf lang, lykas 6.4.2 oer assimilaasjeferskynsels, 10.4.2 oer Brekking en Ferkoarting en 31.8 oer de ferskillende fariëteiten binnen de Fryske taalgroep. En it Frysk krijt ek aardich omtinken yn haadstik 14 oer "Complementizer Agreement" en haadstik 19 oer "Unbounded Dependency Constructions", mei dêryn fraachwurdkopyen yn sinnen as *wêr tinkst wêr't se wennet?*. En sa blykt dus in namme as Inge Hiemstra noch net alhiel fergetten, en Trinus Riemersma wurdt as taalkundige ek noch oanhelle.

Der is yn dit seldsum rike boek fansels ek noch genôch dat minder gelokkich útfallen is. Om it by ien

punt fan argewaasje te litten: yn it hiele boek wurdt it westerlauwerske Frysk konsekwint as "West Frisian" oantsjuten, mar yn haadstik 14 blykt dy term dochs wer op dat dialekt yn Noard-Hollân te slaan.

(siebren dyk)

*Arjen Pieter Versloot, 'Streektaal-dood in de Lage Landen', Taal en Tongval 72 (2020), 7-16.*

Dit artikel hat, begryplik, yn 'e parse nochal wat omtinken lutsen. It is in rekonstruksje fan 'e taalbehearsking en taaloerdracht fan generaasjes dialektsprekkers yn Nederlân en Flaanderen. De konklúzje is dat it tal dialektsprekkers nei healwei de foarige iuw hurd tebekrint, domwei omdat de taal faak mar skraachoan oan in nije generaasje trochjûn wurdt. Dat is ek yn it Belzelân it gefal, ek al set de delgong dêr wat letter yn. As dit noch even sa trochgiet, bliuwt der neffens Versloot fan 'e dialekten neat mear oer. Der lykje, njonken in pear eigensinnige isolearre plakken as Oark en It Amelân, twa globale útsûnderingen te wêzen: Limboarch en ek Fryslân, dat navenant troch de jierren in opmerklike stabiliteit sjen lit. Versloot foarseit dat Fryslân it ek it langste folhâlde sil, bygelyks fanwegen dochs in foech standerdisearring en in gruttere rol fan 'e taal yn it skriftlik taalgebrûk.

(siebren dyk)

*Arjen Versloot, 'Sprachenvielfalt in Norddeutschland, Belgien und den*

## US WURK LXX (2021), p. 182

*Niederlanden. Ist der Niedergang unumgänglich?*, *Nordfriesland*, Nr. 215 (september 2021), 18-22.

Versloot hat hjir fan syn artikel oer dialektferlies yn *Taal en Tongval* in útwreiding makke nei Noard-Dútslân, dêrby ynsûmjend op Noard-Fryslân. In ferskil is wol dat it grafykje in hûndert jier earder ynset. Mar de oerienkomst is grutter: mei de measte Noardfryske dialekten giet it hiel min, mei it Fering-Öömrang as de geunstige útsûndering, en dat dan wer yn it foarste plak op 'e westlike helte fan Föhr. Op in kaartsje dat de taalbehearsking by de jongste generaasje werjout, springt dat gebiet der dan ek posityf út. De measte doarpen yn it tradisjonele Noardfryske taalgebiet ha lykwols in griis of swart krús meikrigen, symboalen foar resp. "im Aussterben" en "ausgestorben". Foar it Platdútsk stiet it der yn noardlik Dútslân oars ek net folle better foar: mar 1% fan 'e jongerein kin it prate. Versloot besiket de moed der noch wat yn te hâlden troch der op te wizen dat ynternet makke hat dat jo hjoeddedei net mear inkeld oanwiisd binne op it eigen doarp om kontakten mei oaren oan te gean. Mar oft soks no wier de delgong opkeare kin?

(siebren dyk)

*Elma Blom, Evelyn Bosma & Wilbert Heeringa, 'Regular and irregular inflection in different groups of bilingual children and the role of verbal short-term and verbal working memory', *Linguages* 6:56 (2021), 23 pp.*

Dit artikel is in ferslach fan in ûndersyk nei it learen fan 'e Nederlânske bûging fan tiidwurden en haadwurden, wêrby't de regelmjittige prosessen ôfset wurde tsjin ûnregelmjittige foarms. Konkreet giet it om ôfsletten mulwurden (dus ek dy fan sterke tiidwurden) en meartallen, wêr't it by de ûnregelmjittige fral giet om rekkingsferskynsels (byg. *gat-gaten*). Der diene fiif groepen mei: ientalich Nederlânske bern en twatalige bern mei Frysk, Turksk, Marokkaansk Arabysk en Tarifit as memmetaal. It ûndersyk konsintrearre him op 'e ûnregelmjittige foarms, omdat de regelmjittige prosessen oeral wol knap foar de hearen kamen. De Turken diene it it minst, mar yn tsjinstelling ta de op lingwistyske ôfstan basearre ferwachtings pres-tearren de Friezen hielendal net safolle better. De útkomsten wurde troch de auteurs ferklearre troch der op te wizen dat de ûnregelmjittige Nederlânske foarmen gjin ôfspegeling yn it Frysk hawwe. En dan begjint in faktor as lytsere taalynput dochs wol in rol te spyljen.

(siebren dyk)

*Han Nijdam, 'Het Westerlauwers Seendrecht: een filologische analyse'. Yn: Hildo van Engen, Han Nijdam en Kaj van Vliet (útjs.), *Macht, bezit en ruimte. Opstellen over de noordelijke Nederlanden in de middeleeuwen. Aangeboden aan Hans Mol bij zijn afscheid als bijzonder hoogleraar Geschiedenis van de Friese landen in de Middeleeuwen**

## US WURK LXX (2021), p. 183

*aan de Universiteit Leiden. Hilversum (2021), Verloren, 325-342.*

Yn ‘e feestbondel foar de mei pinsjoen giene Hans Mol stiet ek in bydrage dy’t fan belang is foar de fristsyk. Dy is fan meibesoarger Han Nijdam, dy’t te set giet oer it Seendrjocht, it tsjerklike rjocht yn ‘e midsiuwen. Nijdam jout in ynhâldlike analyse en komt der op út dat it yn ‘e oerlevering út trije parten bestiet, hoewol’t er ek beklammet dat dizze tekst yn ‘e rin fan ‘e tiid hyltyd groeid wêze moat. As taheakke wurdt boppedat in konkordânsje jûn fan ‘e tekst yn ‘e ferskillende hânskriften dêr’t er yn oerlevere is.

It aardige fan dit artikel is dat it seendrjocht yn in breder ferbân set wurdt. Nijdam wiist op parallellen mei it (wrâldlike) skeltarjocht, lykas de ferwizing nei de Magnussêge yn ‘e prolooch. Boppedat hâldt er út dat de tekst út ‘e alfte iuw stamme moat, dat neffens him mei mear teksten út it Aldfryske korpus it gefal is. Hy slút him datoangeande dus oan by in eardere tradysje, en jout argumenten tsjin de opfetting fan Rolf Bremmer, dy’t yn syn boek *Hir es eskriven* út-holden hat dat de teksten net foar 1200 opskreaun wêze kinne.

(siebren dyk)

*Veronique De Tier, Anne-Sophie Ghyselen, Lysbeth Jongbloed-Faber, Hans Van de Velde (red.), De (on)zin van taal- en dialectpromotie. Lezingen gehouden op de internationale streektaalconferentie in Leeuwarden*

*op 8 juni 2018. Leiden (2021), Stichting Nederlandse Dialecten.*

Fan ‘e yn 2018 holden streektaalkonferinsje, noch organisearre yn ferbân mei Lân fan Taal as ûnderdiel fan LF 2018, is trije jier letter in boekje ferskynd. It tema fan ‘e konferinsje wie taalpromoasje. Provinsjaal beliedsmeiwurkster Nienke Jet de Vries mei op s. 39-45 oan it wurd oer “Taalpromotie in Friesland”. Nei in histoaryske ynlieding wurde dêryn kreas in tal projekten bylâns rûn, lykas Tomke, it Taalkado foar jonge heiten en memmen, en de kampanje Praat mar Frysk. Wat soortgelikens docht Henk Bloemhof yn “Vijftig jaar promotie van het Stellingwerfs, en meer” (s. 47-61). Dat ferhaal is lykwols net allinnich wiidweidiger, mar ek spannender, faaks ek omdat Bloemhoff sels al fyftich jier in rol yn ‘e promoasje hân hat. Hy leit ek mear klam op it aspekt fan taalstriid, om subsydzjes by de provinsje en stjoertiid by de Omrop, en soms tsjin guon Fryske Bewegers. Lysbeth Jongbloed-Faber bliuwt dan yn “Taalpromotie op sociale media: de impact van Praat mar Frysk op Facebookfrysk” (s. 63-73) wat tichter by de moderne tiid. Se giet nei hokker soarte fan bydragen fan de kampanje Praat mar Frysk oft it meast op reagearre wurdt. Humor blykt it goed te dwaan. Benammen de “frisismen”, koarte teksten yn it Bokwerter, binne populêr en lokje ek wer Bokwerter reaksjes út. Jongbloed-Faber is dêr wat minder oer te spreken, omdat dêr de Fryske skriuweardi-



gens net mei befoardere wurdt. Mar wol it bewustwêzen fan it Fryskeigen idioom, soe men dêr tsjinyn lizze kinne. Njonken de lêzings wiene der op ‘e dei fan ‘e konferinsje ek noch publyksaktiviteiten. Dy wurde oan ‘e ein fan it boekje beskreaun, en dêr fine we ek de opmerking dat “openluchtspelen zijn sterk verankerd in de Friese culturele traditie en nemen een plaats in die vergelijkbaar is met die van carnaval in het zuiden van Nederland”. Dêr sil ek wol net elk it mei iens wêze.

(siebren dyk)

*Johanna Gregersen & Nils Langer, Assessing language contact. Linguistic purism and North Frisian’. Haadstik 7 yn Christian Zimmer (útj.), German(ic) in language contact. Grammatical and sociolinguistic dynamics. Berlin (2021), Language Science Press, 159-186.*

Dizze bondelbydrage hat as sintraal boadskip dat profesjonele taalkundigen fan grutte talen in neutrale posysje ynnimme as har taal feroaret, wylst deselden fan minderheidstalen faak tsjin feroarings yn geane. In trêft fan it stik is dat der gâns uteringen fan ferset yn ferbân mei it Noardfrysk byinoarswile binne, nammers ek fan net-akademyske taalleafhawwers en gewoane likebruorren. Fan sokken wurdt it tsjinakseljen noch wol ynskewield, mar beropslju as Ebert, Laabs, Walker en Wilts lykje fergetten te wêzen wat har yn ynliedende kolleezjes al bybrocht is, sa is de hjitting. Talen feroarje no ienris

altyd, en dêr kinne taalkundigen allinne mar bliid mei wêze, want feroarings jouwe in finster op it wêzen fan taal.

Dat mei sa wêze, mar dochs liket dit ferhaal wol wat iensidich. Der wurdt net socht om in ferklearring wêrom’t taalkundigen fan minderheidstalen sa reagearje. Dat sokken sels ek wol ynskewiele dat alle talen no ienris feroarje, mar dat it tempo dat se tsjinkomme dochs wol wat ekstreem is, wurdt wol neamd, mar liket foar de auteurs net fan belang. Wis, it sil ‘t wol dat ek de minderheidstaal troch alle ynslûpsels yn funksjonele sin net efterút giet. Mar taal hat ek in foarm, en in foarm kin no ienris estetyske gefoelens oproppe. Boppedat kinne der foarmaspekten as wurden, útdrukkings en grammatikale ferskynsels ferlern gean. Dat liket mar in gradueel ferskil mei it momint dat de taal sels ferlern giet. Al sil funksjonalisten dat aspekt fan kulturele diversiteit grif ek net folle skele kinne, it minskdom praat ommers likegoed wol troch yn ien of oare foarm fan Ingelsk.

Der hoecht neffens Gregersen en Langer ek net oan purisme dien te wurden, want gjin inkelde taal hat neffens har ea “puer” west. Dat lêste ha se grif gelyk oan, mar se geane der oan foarby dat der ek noch graduele ferskillen yn “puerens” besteane. In oar aspekt fan ‘e iensidigens fan ‘e auteurs is har opfetting oer taalflaters. Dy besteane neffens har net: alles wat sein wurdt, moat as goed taalgebrûk rekkene wurde. Dat dat soms dochs wat subtiler lizze kin, bewiist dizze oanhelling op side 165:

“North Frisian is a West Germanic language traditionally divided into 10 dialects, which **have** been spoken for some 1200 years along the North Sea coastline of what is now Germany”. Dat, by de ynfaazje fan ‘e Friezen op ‘e kust fan Sleeswyk is de taal fuortdaliks al yn tsien dialekten útinoarfallen? Of wie hjir dochs it iental **has** bedoeld?

(siebren dyk)

*Arjen P. Versloot, ‘The volatile linguistic shape of “Town Frisian” / “Town Hollandic”’. Yn Hans Van de Velde, Nanna Haug Hilton & Remco Knooihuizen (útj.), Language Variation – European Perspectives VIII. Amsterdam / Philadelphia (2021), John Benjamins, 11-34.*

Dizze bondel mei in kar út ‘e lêzings fan in yn 2019 yn Ljouwert holden konferinsje oer taalfariaasje yn Europa (ICLaVE) iepenet mei in stik fan Arjen Versloot oer it stedsfrysk en ferlykbere dialekten. Nei in oersjoch fan ‘e ûnderskate posysjes yn it debat oer it ûntstean dêrfan begjint er oannommen wissichheden te relativearjen. It begjint der neffens him al mei dat it Frysk en it Nederlânsk, en seker it Hollânsk fan ‘e 16-de iuw, frijwat opinoar lykje. Boppedat is der oer de taalsitewaasje yn ‘e tiid fan it ûntstean ek in hiel soad net bekend. Der wie ek al Hollânske ynfloed op it Frysk yn ‘e tiid dêrfoar, en dêrnei binne it Frysk en it Stedsfrysk beide ek noch wer feroare, dat in analyse út ‘e hjoeddeiske taal wei beswierlik makket. En dan binne der ek noch

allegearre ûnwissichheden oer it karakter fan ‘e doetiidske doeltaal. As, wat Versloot oannimt, dat it (Noard)hollânsk wie, dan siet dêr foar in part ek noch wer in Frysk substraat ûnder, en hy slút dêrom in senario ek net út dat guon “Fryske” eleminten gewoan fia Hollân wer ymportearre binne. It is mei sa’n kaskade oan ûnwissichheden dan ek gjin wûnder dat er oare histoarysk taalkundigen, dy’t rekonstruksjes meitsje oer taalfazen dêr’t noch folle minder data fan besteane, warskôget om foarsichtich te wêzen.

(siebren dyk)

*Henk Wolf, ‘Taalvoorschriften in lesmateriaal voor het Fries. Een draagvlakonderzoek onder professionals’, Levende Talen Tijdschrift 22 (2021), 26-37.*

Ien fan ‘e ûnderwerpen dy’t yn it Fryske taalwrâldsje op ûngeregelde tiden de kop opstekke, is de taalnoarm. Wolf giet hjir fan in goed sechstich ferskynsels (meast leksikale, mar ek in tal syntaktyske en fonetyske) nei yn hoefier oft tradisjonele foarskriften yn lesmateriaal noch droegen wurde troch wat fan him karakterisearre wurdt as “taalprofessionals”, meast leararen/ lesjouters en korrektors. In fierdere beheining yn ‘e omfrage wie it beëage register, karakterisearre as ynformeel skriftlik Frysk. Der blykt nochal wat fariaasje yn ‘e antwurden, sa’t men ferwachtsje mei yn in fjild fan rekliken en persizen, mar in pear dingen falle wol op. Sa binne de res-

pondinten konservatyf oangeande it fertwilûdzjen fan lange hege ienlûden (*tiid* > *tied*) en de folchoarder fan tiidwurdkloften. Oare ferskynsels lykje langer hast algemien akseptearre. Wurden as *leuk*, *blond* en *dik* wurdt net raar mear tsjinoan sjoen, en dat jildt ek foar *elk* yn kombinaasje mei in tiidsienheid (*elk jier* njonken *alle jierren*) en meartallen as *gemeentes* en *boetes*. De regel dat it eigenskipswurd gjin útgong hat tusken in besitlik foarnamwurd en in ûnsidich haadwurd (*syn swart hinder*) liket ek tige faai te stean. Wolf stiet der op oan dat de útkomsten reperkusjes hawwe moatte foar de ûnderwiispraktyk. Hoe't it dan fierder moat mei it *formele* skriftlike Frysk, dat seit er der net by.

(siebren dyk)

*Pieter Duijff, Femmy Admiraal, Wilbert Heeringa, Eric Hoekstra, Wiebe Evert Zoethout & Hans Van de Velde, Taalvariatie in Zuid-Lauwersland. Ljouwert/Leeuwarden, Fryske Akademy (2021).*

Dit ûndersyksrapport, mei ta stân kommen troch stipe fan de gemeenten Achtkarspelen en Noard-east-Fryslân, lit it ljocht skine op in slim fergetten hoekje yn it Fryske dialektlânskip, de krite ûnder de eardere Lauwerssee en tsjin de Grinzer grins oan. De doarpen Kollumerpomp, Warfstermûne, Muntsjesyl en Boerum lizze, sa't de ynliding ferdútst, yn in earder ynpolderingsgebiet. Foar in better oersjoch fan 'e taalferhâldings binne oan it

ûndersyk ek de dialekten fan Kollum en de net-Frysktalige doarpen Gerkeskleaster en Stroobos yn 'e noard-easthoeke fan 'e gemeente Achtkarspelen tafoege.

Foar alle doarpen is by twa sprekers de fragelist fan Goeman/Taeldeman/Van Reenen ôffrege. Men kin jin ôffreegje oft dat net mear wêze moatten hiene. As bygelyks yn Muntsjesyl de iene sprekker de Fryske begjinkloft *sk-* yn 98 persint fan 'e gefallen yndied as *sk-* útsprekt, wylst de oare sprekker altyd *sch-* brûkt, dan binne je wol benijd hoe't it mei de oare ynweners fan dat doarp sit. Njonken dat ferskynsel binne seis oare ûndersocht dêr't it Frysk oars docht as it Nederlânsk: de tiidwurdfolchoarder, it ûntbrekken fan it foarheaksel *ge-* by mulwurden, de sa-neamde bynwurdlike 't, de *g* as ploffer of rûzer, nasalearring en R-deleesje. It falt op dat Kollum him dan hyltyd oanslút by it Fryske patroan, in befestiging fan 'e tradisjonele kwalifikaasje dat it dialekt fan dat doarp ta it stedsfrysk heart. De oare plakken ha allegearre ek gjin foarheaksel *ge-*, mar dat hat it oanswettende Grinslânsk ek net. De bynwurdlike 't mist dêrfoaroer fierhinne, mar dy stiet yn it Frysk ek net oeral like sterk. By de oare ferskynsels falt it jin op dat de polderdoarpen it minst Frysk binne. Sy lizze oars ek it fierste fan it Fryske taalgebiet ôf.

Ien en oar suggerearret dat it hjir, yn tsjinstelling ta de Frysk-Hollânske mingdialekten, net om in isolearre dialekt giet, mar om in oergongsgebiet nei it Grinslânsk ta. Spiti-

gernôch kin dat net goed fêststeld wurde, omdat gegevens oer oanbuorjende Grinslanner doarpen misse. Boppedat soe it foar in goed byld ek fan belang wêze om de te ûndersykjen taalferskynsels út te wreidzjen nei bygelyks fokalen en parten fan ‘e wurdskat. Opfallend is ek dat de Fryske kanarje yn ‘e koalemyn by útstek, de beide ynfinityfûtgongen *-e* en *-en*, net yn it ûndersyk behelle binne.

(siebren dyk)

*NOWELE 74:1 (2021)*

Dizze jefte fan it tydskrift *North-Western European Language Evolution* is in spesjaalnûmer oer de “Early history of the North Sea Germanic languages”, redigearre troch Stephen Laker en Hans Frede Nielsen. It nûmer iepenet mei it berjocht dat Nielsen, dy’t him yn syn lange karjêre ek ward hat op it mêd fan it âldste Frysk, ferstoarn is krekt foar’t it nûmer nei de parse gie. De hjir publisearre artikels, in stikmannich ek fan belang foar it Frysk, binne earder nei foaren brocht op in symposium yn Odense, dat mei troch Nielsen organisearre wie.

Yn “Die frühe voraltsächsische und voraltfriesische Runenüberlieferung. Stationen der Sprachgeschichte” (s. 27-65) is Robert Nedoma alderwiidweidichst op ‘e tekst oer twa eardere runefynsten: in pear by de Wezer fûne bonken en de munt mei de bekende ynskripsje *Skano-modu*. Alle innen en oanen wurde systematysk beskreaun, mar wat der

no nij is yn dizze bydrage mei syn literatuerlist fan mear as tsien siden, dêr wurdt men mar min wiis út. It Frysk komt ek foarby yn Kurt Goblirsch syn bydrage “Lenition in North Sea Germanic” (s. 116-130). Dy “lenition” definiearret er as fer-swakking fan konsonanten. Dy hat foaral yn it Deensk breed om him hinne slein en hat ek ynfloed hân yn it Noardfrysk, foaral yn dat fan ‘e fêstewâl. Goblirsch jout ek foarbylden út it Grinslânsk. It westerlauwerske Frysk neamt er net, ek al komt it ferskynsel dêr fansels ynsindintel ek yn foar, as yn *skûdeldoek* (< *skûtel*) of *wabberje* (fariant fan *wapperje*). En it ferskynsel D-rotasisme (byg. de útspraak [ɔ:rə] foar *âlde*) soe men ek as in foarm fan konsonantferswakking sjen kinne.

Deenske ynfloed yn it Noardfrysk is ek it ûnderwerp fan Jarich Hoekstra syn stik “On the fringe between West and North Germanic. Early language contact between North Frisian and Danish” (s. 131-151). Hoekstra besiket om oan ‘e hân fan taalkontaktteoryen lykas Van Coetsem sines út te finen hoe’t ien en oar yn syn wurken gien wêze kin. Doe’t de Friezen har yn ‘e achtste en alfte iuw op ‘e Sleeswiker westkust nei wenjen setten, moat de oarspronklike befolking har Deensk neffens him ynwiksele hawwe foar it Frysk. Syn argumint is dat guon Deenske grammatikale struktueren yn it Frysk opdûke, en dat giet dus dúdlik fierder as it oerflakkich lienen fan wat wurd-sjes. Ien fan ‘e ferskynsels dy’t behannele wurde, binne de rjochtingpartikels, dy’t krekt as yn it

## US WURK LXX (2021), p. 188

Deensk posisjonearre wurde foar in ferhâldingswurdkloft, wylst se yn it oare Westgermaansk derefter steane, lykas *ap bi a woch* ‘by de muorre op’. It oare ferskynsel belanget partikeltiidwurden oan. Dy komme yn alle Germaanske talen foar, mar wêr’t it Noardfrysk ôfwykt fan de oare Westgermaanske talen, krekt dêr blykt dat lykop te rinnen mei it Deensk. In foarbyld is de adposysje *fan*, dy’t yn it Westerlauwersk Frysk net yn in partikeltiidwurd foarkomme kin, mar yn it Noardfrysk wol, sjoch Mooringer *foonnaame* ‘weinimme’, yn it Deensk *fratage*. Hoekstra hat de ferskynsels oars earder behannele yn artikels út 2006 en 2014, mar hjir wurde se yn in steviger taalkontakt-ramt set.

(siebren dyk)

*Hans Van de Velde, It fertutearzjen fan it Frysk. Oraasje Universiteit Utrecht, Fryske Akademy (2021).*

Wa’t wend is dat oraasjes útjûn wurde yn tinne boekjes mei dêryn heechdravend geleard taalgebrûk, dy sil hjir wol even mei de eagen knippe. Dizze full-colour glossy útjefte is opgnist mei foto’s en plaatsjes, en is boppedat twatalich Nederlânsk en Frysk. It beëage publyk liket lykwols foaral bûten Fryslân socht wurde te moatten; dat wurdt hjir flitsend op ‘e hichte brocht mei de Fryske taalsitewaasje en mei it ûndersyksprogramma fan ‘e Fryske Akademy. De toan is flink kritysk oer it nasjonale belied. It measte nijs sit yn ‘e plannen foar laboratoariumsosjoling-

wistyk. De nije perfester yn ‘e sosjolingwistyk oangeande de taalfariëteiten yn Fryslân kin as in earste resultaat melde dat Friezen lange lûden útsprekke mei in foech knikje deryn, dat ferlike wurdt mei de Deenske *stød*.

(siebren dyk)

*Götz Keydana, Wolfgang Hock & Paul Widmer (útjs.), Comparison and gradation in Indo-European. Berlin/Boston (2021), De Gruyter / Mouton.*

It tolfte haadstik (s. 281-349) fan dit neislachwurk oer ferliking en gradaasje yn (âldere) yndo-jeropeeske talen beslacht it Westgermaansk. De auteurs Agnes Jäger en Georg Walkden ynventarisearje dêryn neffens in fêst patroan it Aldheechdútsk, Aldsaksysk, Aldingelsk en ek Aldfrysk (s. 334-343). De basis foar de beskriuwing binne de âldste hanskriften, R1 en H2. De ûndersochte ferskynsels binne de similyt (ferlykbere graad), ekwatyf (selde graad), komparatyf (hegere graad), superlatyf (heechste graad), elatyf (hege graad) en eksessyf (te hege graad). Dêrby wurdt hyltyd sjoen nei mooglike namfallen dy’t mei de konstruksje anneks binne, al blykt dat foar it Aldfrysk, as gefolch fan ‘e lette oerlevering fan ‘e teksten, net safolle op te smiten. It Aldfrysk docht fansels wol mei by de suffiksen fan de komparatyf en de superlatyf, en by de wurdjes dy’t standert yn ‘e ûnderskate konstruksjes opdûke, lykas *sa*, *alsa* of *te*. Yn dizze beskriuwing, dy’t rynsk stipe wurdt mei foarbylden,

## US WURK LXX (2021), p. 189

wurdt de Aldfrysk grammatika ris út in oare hoeke wei besjoen as ornaris, en soks is altyd wol ferfrissend. Ek al blykt de taal net hiel fûneminteel ôf te wiken fan syn stambuorren.

(siebren dyk)

### *Nordfriesisches Jahrbuch 2021*

Lykas altyd fine wy yn it *Nordfriesisches Jahrbuch* in grut ferskaat oan bydragen. Trije binne yn ‘e jefte foar it jier 2021 fan belang foar de frisistyk. Yn “*Wider sü as iir? – Wertesysteme und Erzählstrukturen in Johannes Petersens Prosatexten*” (s. 177-196) ûndersykje Nina Hansen, Jarich Hoekstra, Kim Lilienthal, Britta Reifferscheid en Wendy Vanselow de tematyk yn ‘e ferhalen fan ‘e Noardfryske skriuwer Johannes Petersen (1909-1992). Dy geane foaral oer it boerelibben, dêr’t it wichtich by is dat it bedriuw ek by de oergong nei de folgjende generaasje yn ‘e famylje bliuwt. Petersen moast neat fan ‘e fiskerij hawwe. It bestean op see wie te wif en eins altyd anneks mei dea en ûndergong. Oan ‘e ein wurdt wiisd op in nijsgjirrige parallel mei Petersen syn lettere columns, dêr’t er der ek foar yn ‘e pleit giet dat ferhalen binnen de Noardfryske mienskip en taal trochferteld wurde moatte. Dêr giet it dus allyksa om kontinuïteit.

Jarich Hoekstra allinnich is ferantwurdlik foar “*Die Angst der Nordfriesen (und die Furchtlosigkeit der Giraffen)*” (s. 197-214). It is in útwurking fan in foardracht by in yn Kiel holden *Night of the profs*. Men

kin dus fan tinken wol hawwe dat it ferhaal, nettsjinsteande de swierte fan ‘e titel, wat de luftige kant neist is. It beskriuwt de wurden foar ‘bang’ yn ‘e ûnderskate Noardfryske dialekten, mei de klam op etymology en betsjuttingsûntjouwings, mar in lûdwetige reade tried is ek it histoaryske ûnderskied tusken *a* en *o* foar nasalen yn it Aldwest- en Aldeastfrysk. Foar *baang* yn it Fering-Öömrang wurdt dêrom útholden dat it in lienwurd út it Platdútsk wêze moat, wylst it Mooringer *trung*, yn ‘e fierte noch besibbe oan it westerlauwerske *trang*, in erfurd wêze moat. Hoekstra komt ek noch op it ferâldere Mooringer *unglik*, ferlykje it allyksa ferâldere westerlauwerske *eang*. Der is ek noch in fjirde wurd, *fuuch*, mei de justjes oare betsjutting ‘skau’, dêr’t Hoekstra it ek noch wat betiizjende ferbân mei it westerlauwerske *faai* fan útleit. De ûndertitel fan it stik komt pas hielendal oan ‘e ein oan ‘e oarder; út it tafoege printsje kin men ôfliede dat UW-redakteur Wendy Vanselow ek grutte tekentalinten hawwe moat.

It meast fassinearjend yn dizze jefte fan it Jahrbuch is wol de bydrage fan Claas Riecken en Alastair Walker, fanwegen harren útjefte fan “*Das Protokoll der nordfriesischen Wörterbuchkonferenz von Flensburg-Mürwik 1950*” (s. 73-117). Dy konferinsje gong oer de takomst fan it “*gesamt-nordfriesische Wörterbuch*”, dat in soarte fan wittenskiplik wurdboek wurde moast fan alle Noardfryske dialekten tagelyk. Riecken en Walker jouwe net allinnich de oantekens fan ‘e konferinsje út, mar publisearje hjir

**US WURK LXX (2021), p. 190**

ek de hifking fan it materiaal dy't de Deen Peter Jørgensen yn 1949 makke foar "Det Danske Sprog- og Literaturselskab". Jørgensen wie ien fan 'e dielnimmers oan 'e konferinsje, en we sjogge yn it ferslach hoe't der subtyl nei ta wurke wurdt om him te isolearjen. Riecken en Walker beskriuwe wiidweidich de foarskiednis en de eftergrûnen fan 'e dielnimmers. Dêrby hawwe se in helder each foar

alle persoanlike, mar foaral ek nasjonaal-politike belangen by in projekt dat yn 'e Deensk-Dútske strideraasje lutsen waard. En dat yn in tiid dat de spoaren fan it nasjonaal-soasjalisme en de oarloch noch farsk wiene. Sels de konferinsjelokaasje wie navrant. Mürwik wie begjin maaie 1945 omers noch de sit fan it lêste sturtsje fan it nazyrezjym.

(siebren dyk)